

# Skoging wetterbehearsplan 2016-2021 en mearjierrenperspektyf 2015-2021

AB 29 septimber 2015

Foarsitter

Foarsitter wy wenje yn in moaie provinsje. Romte,skjinne leefomjouwing, mienskipssin. Dit besef kin net grut genoch wêze, en yn dit kader wolle wy as FNP fraksje ek ús skoging jaan, dêr't wy allinnich yn haadlinen op yn gean sille.

Hjir foar ús leit it wetterbehearsplan 2015-2021 en it mearjierrenpespektief 2015-2021 wêroer fan ús as AB in miening freege wurdt. Der stiet in B efter it stik op de aginda dus beslútfoarmjend, ik soe no ek sizze kinne wy binne it der yn grutte linen wol mei iens, en dat is it. As FNP fraksje wolle wy ek wat oer de ynhâld sizze.

It foaropwurd fan ús Dykgraaf/foarsitter sprekt foar himsels. Mar wêr't mei ôfslúten wurdt (weterskip Fryslân staat voor schoon en voldoende water en voor veiligheid achter de dijken), nei myn betinken stiet dat yn hast alle programma's. Mar it wurd *schoon* soe wêze moatte *gezond*.

Foarsitter op side. 11 ûnder it haadstik weromsjen en each op de takomst by feroaring yn de lânbou en yn de yntensiviteit fan it grûngebrûk stiet u.ô.: Weterskip en lânbousektor moatte neier tot elkoar komme. Foarsitter ik soe graach fan it DB hearre wolle op wat foar termyn der resultaten wêze kinne. De FNP is yn foarstanner fan in breed bondeljen fan kennis ,kunde en krêften fan Weterskip, provinsje, bedriuwen en gemeenten, yn stee fandat elk syn eigen gong giet. Foarsitter op side. 12 boppeoan steat dat de boargers mear sels dogge, mar dat der wol risiko's oan sitte. Foarsitter ik soe graach witte wolle hokker risiko's.

Foarsitter op side. 17 ûnder it haadstik wetterfeiligheid is de FNP de miening tadien dat, as wy yn ús moaie provinsje drûge fuotten hâlde wolle, der yn de takomst noch wol wat barre moa. Drûge fuotten is in nasjonaal feiligheidsbelang, de oare provisjes moatte dêroan solidêr meibetelje. De FNP wol fia de Uny fan wetterskippen de finger oan de pols hâlde dat Fryslân as plattelânsprovinsje en mei relatyf minder ynwenners net in ûnevenredich hege bydrage betelje moat fergelike mei de Rânestêd. Foarsitter, de FNP hat yn har programma û.o. stean dat net ien der kwa feiligens op efterút gean mei. Wy wolle yn it kader hjirfan de lanlike ôfspraken neikomme. Seediken bûtendyks ferbreedzje en gebrûk meitsje fan kwelders. Gjin ûnnedige ferheging peil Iselmar.

Foarsitter op side. 28 'foldwaande wetter' ûnder 'wetterberging realisearje is de FNP fan betinken dat der mear romte foar wetter yn de polders en de boezem komme moat. De FNP bliuwt in foarstanner fan it oanlizzen fan bergingspolders dy by in soad rein lokaal it wetter tydlik opfange kinne.

Foarsitter op side. 39 ûnder 'baggerjen' wolle wy graach fan it DB hearre oft de *terugkearcyclus* sa as dy yn it stik neamd wurdt ek in alle gefallen fan tapassing is. Wy tinke dan oan de problematyk fan de tinne bagger.

Op side. 45 ûnder 'ferbetterjen fiskmigraasje' wolle wy graach sjen dat dizze plannen mei faasje oppakt wurde. Ik haw resent noch lêzen dat bygelyks in kwart fan de fisken dy't in wetterkrêft sintrale passearje moat dat net oerlibbet. Dan hawwe wy it oer griene enerzjy mei in rourâne.

Foarsitter ik lit it hjir earst by en sil yn it koart noch wat sizze oer it mearjierrenperspektyf, mar it wetterbehearsplan sille wy as FNP stypje.

Sake van der Meer, Fraksjefoarsitter